

Ferkieze

skreaun foar de gemeenteriedsferkiezings fan 2002

kearsang : thús bliuwe of kieze, winne of ferlieze
wy steane hyltyd foar in kar
wat litte wy lizze, wa sil dat sizze
gemeente binne wy mei elkoar
ik jou myn stim oan dy't my heare kinne
mar wat sille sy dêr no mei begjinne
wat moat der better, foar no en foar letter
wa't wit hoe 't it sit, seit it mar

2/4

Dm Bb7 Dm Bb7
Dm Gm A7
Dm Bb7 Dm Bb7
Dm A7 Dm
D7 Gm
C7 F A7
Dm Bb7 Dm Bb7
Bb A7 Dm (→C7)

politisy och, se belove safolle
sy wolle it bêste foar dy en foar my
mar wy kinne wol riede wàt sy graach wolle
mei 't fingerke riede yn it pantsje mei brij
der bin guon dy sitte wol gauris te kûsen
der bin guon dy hâlde fan status en saus
der bin guon dy tinke foaral om har bûsen
der bin guon dy dogge it foar it applaus
mar 't jildt ek foar harren, krektlyk as foar elts
wat sy dogge dat dogge sy dochs foar har sels

F Dm Bb C7
F Dm Bb C7
F Dm Gm Bb
C7 F
Am F7 E7
Am F7 E7
Am F7 E7
Am G G7 C7
F Dm Gm Bb
C7 F (→A7)

kearsang:

it sil ek wer heve mei it dualisme
de striid fan kolleezjes tsjin rieden giet los
de striid fan berops tsjin it amateurisme
de boarger dy is lykas altyd de klos
ha wy noch ynfloed op gaswinnings-kolder?
ha wy noch ynfloed op 'e sintrale as
ha wy noch ynfloed op de Bullepolder?
of komt ynfloed fan ús polityk net fan pas?
de wethâlders hâlde de prikken yn 't fjoer
sa hâlde wy amper mear wethâlders oer

kearsang:

der binne in soad politike partijen
ek guon mei dat wurd sje "leefber" der yn
programs ha mei fyzje net folle te krijen
it bliuwt by it skoaren op koarte termyn
der moat noch mear huzen by doarpen en stêden
der moat noch mear diken en mear yndustry
der moat noch mear sellen en sikenhûsbêden
der moat noch mear plysjes en sportfjilden by
hyltyd wer mear en it kin mar net op
sa groeie wy aanst meiïnoar oer de kop